

## 52 Rein

Tikke tikke tikke tik. *it ritme tikje*

Dripkes reine tsjin it rút.

Tikke tikke tikke tik. *it ritme tikje*

'k Wol nei bûten, 'k wol derút!

Tikke tikke tikke tik *it ritme tikje*

reint it op myn parapluutsje. *ien earm omheech dwaan*

Tikke tikke tikke 'Ik' *it ritme tikje en nei dysels wize*

krij gjin dripkes op myn snútsje. *'nee' skodzje*

Stampe stampe, spatte spat. *stampe en sabeare mei de hannen spatte*

Boartsje yn 'e wetterplassen.

Stampe stampe, spatte spat. *stampe en sabeare mei de hannen spatte*

Ik wurd klets, mar wat soe dat?

### Suggestjes

- It ritme fan 'tikke tikke tike tik' kin ek mei de fingers op 'e tafel of op 'e grûn tikke wurde.
- Der kinne ek ritmestokjes, trommen of triangels brûkt wurde.